

166 Yn djipten en oer hichten

Cornelis de Pauw (1739-1803)

1. Yn djip - ten en oer hich - ten,
ús draacht de hân fan God.
Wêr't wy ek hin - ne flech - ten,
ús fûn de hân fan God.
Wêr't wy oer suchtsje _ of stin - ne,
ús liedt de hân fan God.
En bin - ne wy fier hin - ne,
nea út de hân fan God.

2. Lit omgean yn dyn tinzen:
wa jout it libben kleur?
De blommen by de stinzen,
wa jout har foarm en fleur?
Wa heart de roeken roppen,
beskikt it fee har foer?
Wa spant de himel boppe,
hat oer de stjerren stjoer?
3. Dy't troanet yn it hege
en al syn skepsels sjocht,
Hy wennet ek yn 't lege
en docht fersleinen rjocht.
Hy sil syn bern behoedzje
yn al har swierrichheid,
en har gemis fergoedzje,
no en yn ivichheid.

4. As minsken ús ferlitte,
dy't by ús bliuwt is God.
As freonen ús ferjitte,
dy't om ús tinkt is God.
Stean' wy mei lege hannen,
dy't om ús jout is God.
Benearje ús deadske bannen,
dy't ús befrijt is God.

Johann Andreas Cramer (1723-1788)/Christoph Christian Sturm (1740-1786)
oersetting yn it Hollânsk: Ahasverus van den Berg (1733-1807)
frije oersetting yn it Frysk: David de Jong